LEEUWARDER COURANT

16 mei 2009 , pag. 21

# Bart Helmholt alleen in de sport arrogant

**Vorig seizoen liet Bart Helmholt zien dat hij de beste fierljepper van dit moment is. De Burgumer veroverde zowel de Friese als de Nederlandse titel. En dus mag Helmholt - vanavond in Buitenpost dé favoriet om de openingswedstrijd van het Friese ljepseizoen te winnen - weer enigszins arrogant overkomen. „Âst hieltyd foar dysels befêstichst datst de bêste bist, dan meist dat ek wol sizze dochs.''**

Door Edwin Fischer

**BURGUM** – Hij zegt het er nog maar een keer nadrukkelijk bij. In de sport is Bart Helmholt arrogant, maar verder eigenlijk niet. En omdat de meeste mensen hem alleen van het fierljeppen kennen, is de beeldvorming over de 26-jarige politieman best scheef, zo oordeelt hij. „Want yn myn eigen kring, by famylje en freonen en yn myn wurk bin ik net arrogant.''

Want ook de diender kent zijn zijn kwetsbare kant. „Ik bin krekt by de plysje begûn yn de 'arrestatie-eenheid'. Dan bin ik bytiden hiel ûnseker hear. Oft ik it wol goed doch en sa.'' Het kostte wel een aantal gesprekken voordat hij zich als 'gewone' politieman aan mocht sluiten bij de AE. „Se hienen dochs wat muoite mei it bekend wêzen fan my. Want wy operearje meastentiids 'undercover' en dan is it wol wat lêstich. Mar oan de oare kant ek net. As ik tsjinst ha en by Cambuur oft It Hearrenfean omrin, dan wite se net oft ik in supporter bin of oan it wurk bin. Mar ik ha eins allinnich mar positive erfarings mei it bekend wêzen in kombinaasje mei myn wurk.''

Zijn collega's worden in elk geval wel eens gek als ze zich vergezellen met de 'fierljepgrootheid'. „Myn kollega wêr't ik hiel faak mei op paad bin seit wolris 'is der wol ien dy't dy net ken'. De minsken sprekke my hiel faak oan ja, herkenne my, oft ik no yn unifoarm of yn burger rin. Mar hiel earlik sein is dat noch al in motivaasje om troch te gean. Ik fyn it machtich as minsken in praatsje meitsje, of dat jonkjes myn foto op 'e keamer hingjen hawwe. En ik fyn it moai om yn de belangstelling te stean, dêr bin ik ek earlik yn.''

Maar het is niet de enige motivatie voor Helmholt. „It setten fan rekords is de oare grutte faktor om noch in pear jier troch te setten. Want rekords brekke is de grutste reden dat ik altyd fierljept ha en noch fierljep.'' Om er even later maar gelijk een aan te geven. „Ik ha al sein dat ik foar ien july oer de 21 meter springe sil. Dus net allinnich it Nederlânsk rekord (dat staat met 20.76 al op Helmholts naam, red.) brekke, mar ek wer in magyske grins oergean.''

De reden van de typische 'Helmholt grootspraak' zit hem in zijn voorbereiding op dit seizoen. Hij is bij trainingscentrum Reset in Burgum onder begeleiding van Sytse Evert Adema vooral gedoseerd en op coördinatie gaan trainen. „Ik bin no fysyk sjoen al op it nivo wêrop ik ek oan de ein fan foarich seizoen siet. En wy traine der op dat ik fysyk yn augustus op myn bêst bin. Al dy koördinaasjetrainings ha in protte holpen yn de stok. Op'e earste skânstraining koe ik de pols al tidens in sprong korrigeare. Dat woe oars pas oan de ein fan it ljepseizoen. Dêrom tink ik ek dat ik hiel snel hiel fier spring en dy 21 meter helje sil.''


De fierljeppende politieman Bart Helmholt inspecteert de pols op de schansen van Burgum.
Foto LC/Niels Westra

Dat de topsportbenadering die Helmholt er op na houdt ook offers kost, bleek deze winter. Na een relatie van acht jaar gingen hij en zijn vriendin uit elkaar. „It fierljeppen wie fansels net de haadreden, mar it hat der seker foar soarge dat de relaasje stoppe is. Ik bin in trainingsman en hiel fanatyk en easkje ek in protte fan mysels. En mei myn wurk, mei allergear ferskate tsjinsten, draait der in protte om Bart. Wat dat oanbelanget bin ik best 'autoritair', al kinst it ek in topsportmentaliteit neame. En dat is wol muoilik yn in relaasje.''

Het koste Helmholt naast zijn vriendin ook zijn trainer Geert Hommes. Die was immers ook zijn schoonvader en besloot zich daarom terug te trekken. „Dat wie in twadde teloarstelling, mar hiel begryplik. Mar hy wie in hiele bêste trainer foar my en hat my nei hiel wat suksessen brocht. En dus ha ik no ek op in wat oare manier traind. Wy sille sjen oft it fan ynfloed is op myn prestaasjes, al ferwachtsje ik fan net.''